

FISK

Fisk

Tekeningen Tjibbe Hooghiemstra
Ferhalen Douwe Kootstra

BORNMEER

9

Wetterskippen
yn it skipswetter

12

Oade oan de pylk

16

Fabels mei Fryske fisken

23

In rolmops en in potsje
hjerrings, twa lytse
famylje-anekdotes mei
in ferdúdlikjende oanrin

35

Gjin fiskfakânsje

40

Ark & Klup

45

Klassyk en aktueel

48

Myn favorite goudfisk

55

Tusken himel en ierde

64

Strak yn 't pak

68

Jan Hepkes en
syn snoeken

75

Hoera! Sipke!

82

Omslach

86

Sport?

90


Goed yn 't fel sitte



PORT BETAALD
APELDOORN

ISK





Wetterskippen yn it skipswetter


Skippen farre op it wetter, fisken swimme deryn. En Fryslân is it wetterlân by útstek. Dus sjoch dit tafriël even foar jo: oer de Snitsermar komt in fikse float oanfarren. It yn 'e grille julysinne blinkende, hege, mar foaral lúkse wetterskip Fryslân giet op kop, yn strakke liny folge troch de bûnt pavoisearre wetterskippen Swanneblom, Incomparable, Berend Botje, Marijke, Nea tocht, Swalker, Tuorrebout, Wylde Pier, Meerkoet, Dujati – mei Durkje, Janneke en Tineke yn factor 50 ferpakt topless op it boppedek –, Stormy David, Pypskoft en achteroan de slim rikjende âldfryske opbou-skou Sleauwe Blei. Ho even, sil de oplette en justjes taalkundich ûnderleine lêzer no tinke, hjir doocht wat net. Farre hjir wetterskippen? Dat is dochs in tautology? Jo witte wol: wite snie, read bloed, datsoarte fan middelbere skoallefoarbylden. Dy lêzer hat gelyk. Dat wetterskip dat foarop fart, ja, dat kin. Dêr meie we ommers ien kear yn 'e fjouwer jier op stimme. De folgers binne skippen,

boaten, en it is logys dat dy op it wetter farre. No ja, behalve as it fartúch winterdeis op it droege stiet, want yn sa'n situaasje kin it wurd *wetter* wol foar in skip, dan meitsje we it *ûnderwetterskip* skjin. De haven leit dus net fol wetterskippen, mar marine-, kontener-, syl-, wen-, passazjiers-, fracht-, Fiking-, dûane-, smokkel-, stoom-, bergingsskippen en al dy oare leden fan de grutte famylje Skip binne wolkom. En nee, gjin inkele haven kin sûnder dat iene djoere Wetterskip, mei in haadletter. Sels de fisken net.



Oade oan de pylk

Simmen, dôbers, dobbers, dopers, dôpers, driuwers, koarken of hoe't se ek mar hjitte, ik ha der wat mei, kin der min ôfbliuwe. Se ha foar my in magise útstrieling, wurkje as in magneet. As ik yn in angelwinkel kom en der steane bekers fol fan dy losse, feestlik-slanke pylken en pylkjes op in rige te glimmen, ha ik altyd oanstriid en keapje in pear. Net om mei te fiskjen. Ik soe dy fleurige, felkleure fiskersattributen graach noch ris brûke wolle as ien of oare foarm fan dekoraasje. Al dy pylken – dat wurd brûkten wy as bern – lykje in bytsje op de meast opfallende giele, wite, oranje, reade en griene streken ferve dy't fan in strak, abstrakt skilderij rûgele binne. Wêrom dy net wer brûke yn in farsk keunstwurk? Se liene har bygelyks prachtich foar in kollaazje. Dy keunstprodukten besteane grif al, 'Drijfkunst' of 'Float art'. It sil it lêste wol wêze, want sûnder Ingelse namme komme jo tsjintwurdich nergens. Oant no ta rikke myn keunstsinnige prestaasjes net heger as it dellizzen fan twa boeifoarmige grien-swart-oranje driuwerkes fan in âlderwets snoeketúch, mei de ûnderkanten nei elkoar ta,





boppe op de râne fan in ynliste foto. Se stekke prachtich
ôf tsjin de wite achtergrûn. Ik mei der út en troch graach
even nei sjen.

Jo soenen fan al dy beweechlik-slanke wetterstokjes
hiel goed in Frysk fiskersmikadospul meitsje kinne.
Marketing Merk Fryslân sil der bliid mei wêze en de
bistepartij (miskien) ek.